

Libbensferhaal fan in Hongaars hûngerbern

Sn. Nbr. 2212 2001

DE HOMMERTS- "As se fertelt fan de reis nei Hollân hear ik ynienen: 'Ik weinte weinte und weinte die ganze Nacht.' Mei har transport, sa waarden de reizen neamd, en dat fan Martha en Magda, gyngen der seis wagons fol Hongaarse bern rjochting noarden. Se hiene gjin idee wêr't se hinne gongen en telâne komme soene."

Yn in pear rigels fertelt Clara Rakssányi oer it begjin fan har reis dy't se yn 1923 mei har twa suskes Martha en Magda as hûnger-evakuee nei Fryslân makket. Foar auteur Douwe Kootstra is it relaas fan Clara ien fan 'e puzzelstikjes dy't er brûkt om it byld folslein te krijen oer in part út it libben fan Magdale-
na Rakssányi (1915-1996). Yn 'Berjochten út Boedapest', it Frysk Boekewikegeskink 2001, jout Kootstra (reis-) ferslach fan syn sykocht.

As Kootstra yn augustus 1981 nei Hongarije en Roemenië reizget, hat er fan syn freon Renze Yetsenga it adres fan Magda Rakssányi út Boedapest yn 'e bûse. Magda hat yn 1923 as achttjerrich famke in skoftlang útfanhuze bij de famylje Yetsenga yn Arum. Hûnderten Hongaarse bern kamen nei de Earste Wrâldoarloch yn Fryslân om wer wat op krêften te kommen.

Omdat Kootstra 'op reis graach noch in oar doel hat as it reizgjen sels' stiet er yn augustus 1981 op 'e stoepe bij Magda Rakssányi. Kootstra is benijd hoe't it 'it famke dat op dy kâlde jûn yn febrewaris 1923 yn Arum út de tram stapte en mei heareboer Pieter Yetsenga nei hûs gong' fergien is. It is 'human interest' wat Kootstra driuwt op syn reizen.

Magda hat yn 1966 sels wer kontakt mei 'Arum' socht, troch in brief 'An den Bürgermeister der Stadt Arum' te skriuwen. Kootstra brûkt it orizjinele Dúts oars allinne mar marzjinaal, de brieven binne allegear yn it

Frysk oersetten. Om mij hie soks net hoegd, it docht ôfbrek oan 'e autentisiteit. En it Dúts fan Magda sil dochts net sa dreech wêze dat it foar 'it brede publyk' net te folgjen is?

It is yn 1966 goed fjirtich jier lyn dat Magda mei har twa suskes yn Fryslân west hat. Magda wol mei har suster Martha graach noch werris werom nei har 'hûngerâlden'. Omdat Pieter Yetsenga en syn frou Anke Veldstra dan al wei binne, ferrint it kontakt fia de âlden fan Renze Yetsenga. Earst yn 'e simmer fan 1967 komme de Hongaarse froulju werom yn Fryslân. Oer dy besite út 'e sechstiger jierren lêze wij mar in pear rigeltsjes, û.o. dat Magda en Martha in besite oan it grêf fan de Yetsenga's bringe.

Nei de earste besite fan Kootstra yn 1981 (Douwe reizget mei syn 'front-frou' Romkje) wurdt it kontakt tusken Fryslân en Boedapest yntinsiver. Troch it opnimmen fan (parten út) brieven en troch it jaan fan tige lêsbere reisferslaggen krijt de lêzer in ridlik tydsbyld fan it

sobere libben fan muzykpedagoge Magda Rakssányi. Yn 'e Strikel (earder Frysk moanneblêd) fan oktober 1981 (!) docht Kootstra al ferslach fan syn reis nei Roemenië. Parten út dat ferslach binne no letterlik yn it Boekewikegeskink 2001 opnommen, neidat it ferhaal 'Orient-Ekspres nei Roemenië' ek al opnommen wie yn 'De moanne op 'e rêch'(1987), ien fan Kootstra's fjouwer reisferhalebondels. It mei dus opfallend hjitte dat Kootstra yn 1981 noch neat oer 'Boedapest' skriuwt.

Foar âldere Hongaren, lykas Magda, is der nei de fal fan it Izeren Gerdyn noch mar in lyts bytsje feroare, it bliuwt skraabje om 'e kant. Magda sjocht oan 'e ein fan har libben yn tankberens werom op alles wat 'Hollân' yn har lang libben foar har dien hat. Yn ien fan har brieven oan 'e Kootstra's filosofearret se: "De tiid dêr't ik no yn libje hat my in oare fyzje jûn op de minsken, en de skiednis. Dy ha wy mar te dragen. Wy witte neat fan de takomst. Ik hâld my fêst oan it hjoed. Dêrút wei kin ik in bytsje foarút sjen, mar

noait fier. God mei it fierder sizze."

'Berjochten út Boedapest' is in hiel lêsbere boekje wurden, mei in hiel lyts stikje Europese skiednis. 'De skiednis', sa't de Hongaarse filosofe Agnes Heller yn it motto fan it Boekewikegeskink seit, 'is in oantenskeakeling fan tafallichheden.' Mar ik sis it de filosofe net nei dat 'it gjin doel hat om te spekulerean oer de takomst of oer it ferline.'

Want hoe soe myn libben der út sjoen hawwe as ús heit yn 'e tweintiger jierren fan 'e foarige ieu hingjen bleaun wie oan sa'n Hongaarse hûnger-evakuee? It witten dat ús heit 75 jier lyn as puber 'frijde' mei sa'n 'kreeze swarthierige Hongaarse meid' joech foar mij it lêzen fan 'Berjochten út Boedapest' in deminsje mear.

Henk van der Veer

Hjir besprutsen Douwe Kootstra 'Berjochten út Boedapest', Boekewikegeskink 2001. Stichting It Fryske Boek/ Friese Pers Boekerij. Fergees bij oankeap fan f 19,50 oan Fryske boeken en oars f 9,95. 68 siden.